

Liturgy

foar de tsjinst op 07-08-2022
yn de St. Jan te Deinum

Foargonger Piet Fortuin
Oargelist Ruurd Salverda
Lêzer Baukje Fortuin



DOARGELSPYLJEN

WOLKOM EN MEIDIELINGS TROCH DE ALDERLING FAN TSJINST

YNTOCHTSLIET: PSALM 96: 1, 2 EN 3

STIL GEBED, FOTUM EN GROET

SJONGE: PSALM 96: 4, 5 EN 6

KYRIEGEBED

GLOARIALIET: PSALM 146: 1, 3 EN 5

DE TSIEN GEBOADEN

SJONGE: PSALM 19: 3 EN 6

FERHAAL FOAR JONG EN ALD

GEBED BY IT IEPENJEN FAN DE SKRIFT

SKRIFTLEZING: MARKUS 1:14-20

Begjin fan it wurk yn Galiléa

Nei't Johannes oppakt wie, gong Jezus nei Galiléa ta en ferkundige Gods boadskip. Hy sei: It is sa fier, it Godsryk is tichteby kommen, bekear jimme en leau it bliid boadskip!

Jezus ropt fjouwer fiskers

Doe't Hy ris by de mar fan Galiléa lâns rûn, seach Er Simon en dy syn broer Andréas op 'e mar oan 't fiskjen. It wienen fiskerlju. Jezus sei tsjin harren: Folgje My, Ik sil minskefiskers fan jimme meitsje. Fuortendaliks lieten se de netten lizze en gongen mei Him. In foech eintsje fierder seach Er Jakobus, in soan fan Sebedéus, en syn broer Johannes, dy't yn 'e boat de netten neiseagen. Daliks rôp Er harren; se lieten har heit Sebedéus yn 'e boat mei syn feinten achter en folgen Him.

SJONGE: LIET 531

PREEK

SJONGE: LIET 528

TANKBEA, FOARBEAEN, STIL GEBED, IT 'US HEIT'

TALJOCHTING FAN IT KOLLEKTEDOEL TROCH DE DIAKEN

SLOTLIET: 919

SEGEN

OARGELSPYLJEN

